

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: CDA, Attje Meekma BBB, Harm Wiegersma	Moasje nr.	
	Paraaf	
	Wurklistpunt	
	Beslút	

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	28 jannewaris 2026
Wurklistpunt	Plan fan oanpak Natuurnetwerk Nederland
Koarte titel fan de moasje	Oan 'e slach mei de Groene Grondcorporatie *1)
De Steaten, yn gearkomste byien op 28 jannewaris 2026 heard hawwende de rieplachting; konstatearjende dat • der gjin generike rûte nei realisaasje fan it Natuurnetwerk Nederland bestiet; • der foar de frijwillige realisaasje yn it Plan fan Oanpak in ferskaat oan strategiën en konstruksjes útsteld wurdt; • elk gebiet syn eigen dynamyk, eigendomssitewaasje en opjeft(e)n hat; • agraryske struktuerferbettering ek ien fan de opjeften is; oerwaagjend dat • der neist de natueropjeft(e) ek foldwaande oandacht wêze moat foar de ûndernimmers dy't fierder wolle; • de realisaasje fan natuer faak net slagget omdat ûndernimmers net goed kompansearre wurde kinne; • fertrouwen yn de oerheid ek in beheinende faktor is, dêrom jout in oanpak fan ûnderop kânsen; • struktuerferbettering grutte foardielen biedt foar ûndernimmers, de omjouwing en de natuer en dêrom in goed middel wêze kin om in gebietsproses op gong te bringen; • de Groene Grondcorporatie (GGC) al suksesfol west is yn it NNN ûntwikkelingsgebiet Beekdal-Linde; • de GGC fan ûnderop mei lytse groepen agrariërs wurket en ûnôfhinklik is; • dizze korporeaasje in wurkwize ûntwikkele hat middels kavelruil, ynfulling fan de opjeftes, maatregels op bedriuwsnivo en kennisûntwikkeling; • dit korporaasjemodel ek op oare plakken of by oare opjeftes as opdrachtfolger ynsetten wurde kin; • de inisjatyfnimmers ré binne om dit proses op oare plakken – jierliks twa nije plakken liket mooglik - op te starten;	

MOASJE

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- yn it Plan fan Oanpak NNN ek de rûte fia de ûnôfhinklike Groene Grondcorporatie - of oare publyk-private gearwurkingen - mei te nimmen;
- mei de GGC te ûndersykjen yn welke kânsrike gebieten dizze wurkwize ynsetten wurde kin;
- yn it proses, wêr nedich, ek de Provinsjale strategyske grûn der by te belûken;
- nei 2 jier in evaluaasje fan dizze wurkwize oan de Steaten foar te lizzen;

en gean oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	CDA, Attje Meekma BBB, Harm Wiegersma

*1) [Groene Grond Coöperatie | Gagelvenne](#)